

## **Carol Jacobson-de Voogd, sosjaal psychiatrysk ferpleechkundige**

### **Taal is hiel wichtich om in fertrouwensbân op te bouwen**

**Carol Jacobson-de Voogd is sosjaal psychiatrysk ferpleechkundige by BuurtzorgT yn Drachten. Doe't sy sa'n trije jier lyn mei har partner besleat te ferhúzjen fan Den Haach nei Fryslân, melde se har fuortdaliks oan foar in online kursus Frysk. Earder as dat se de kaai fan har nije hûs hie, prate se dêrtroch in pear wurden Frysk.**

'Wêr'tst dy yn 'e wrâld ek nei wenjen setst, moatst de taal fan dêr leare wolst der goed ynboargere reitsje', is har oertsjûging. 'Doe't ik hjir boppedat begûn te wurkjen, tocht ik, dan moat ik it nóch better praten leare, sadat ik ek gewoan myn wurk yn it Frysk dwaan kin.'

Neffens Carol is taal hiel wichtich yn it kontakt tusken helperlieners en pasjinten. It learen fan de Fryske taal wie foar har dêrom in fanselssprekkende ynvestearing om it wurk as sosjaal psychiatrysk ferpleechkundige yn Fryslân goed dwaan te kinnen. 'It giet by ús foaral om it opbouwen fan in fertrouwensbân', ferklearret se. 'Dat slagget minsken dochs makliker yn harren eigen taal.'

### **Betsjutting fan Taal**

Yn 'e tritich jier dat se yn de psychiatry wurket, is Carol har tige bewust wurden fan de betsjutting fan taal. 'De psychiatry is in yngewikkeld fak. It giet oer gefoelens, oer gedrach dat minsken amper oant net begripe en dêr'tst wurden oan jaan moatst. Dat is dreech genôch yn dyn eigen taal, en ast dat dwaan moatst yn in taal dy't net dyn memmetaal is, is dat noch yngewikkelder. Der sitte wichtige lytse nuânses yn wurdkar oer gefoelens. Dy mist as minsken net yn harren memmetaal prate kinne.' Yn Den Haach waard Carol as behanneler geregeld bystien troch in tolk om pasjinten better te begripen. 'Somtiden hiene dy wol wat wjerstân tsjin it gebrûk fan in tolk. Mar as dy derby is, komst faak ynienen efter in hiel soad nije ynformaasje. Dingen dy't minsken earst net útdrukke koene, wylst se wier wol knap Nederlânsk koene en do tochttest datst bêst wol in petear mei har fiere koest. Tagelyk is wurkjen mei in tolk ek behinderjend.'

As se langer mei in taal te krijen hat foar har wurk, leart Carol it leafst sels dy taal goed. 'Yn 2019 ha ik trije moanne op Aruba wurke, ek yn de psychiatry. Dêr ha ik Papiamints foar leard. En ik ha yn Yndonesië wurke, foar in minskerjochte-organisaasje. Dat brein fan my is dus wol wend talen te learen.'

### **Dyn bêst dwaan**

Carol fernimt ûnder mear dat pasjinten ûntfankliker binne foar wat in behanneler te sizzen hat as se yn harren eigen taal benadere wurde. 'Ik hie bygelyks in man dy't allinnich Spaansktalich wie. Yn de ferwiisbrief fan 'e húsdokter stie dat er al fiif kear ferwiisd wie nei de GGZ en nea goed yn behanneling kommen wie. Hy prate net goed Nederlânsk en hold hieltyd op mei de behanneling. It wie ek immen út in kultuer dêr't skamte in grutte rol spilet, dy't muoite hie mei autoriteit en wat erchtinkend wie. Dus hy woe gjin tolketelefoan brûke. Hy sei: "Ik begryp dy dochs yn it Spaansk, en do begrypst my dochs? Wy hawwe gjin tolk nedich." Doe seach ik: "Okee, ik begryp dy goed genôch en wy besykje it gewoan yn it Spaansk." Dat helle in ôfstân fuort. Dêrtroch begûn er my te helpen, wiene wy mear lykweardich en dat hat makke dat ik in hiel goede bân mei him opbouwe koe. It docht minsken wat as je je bêst dogge om harren taal te praten, en dat fernim ik hiel bot yn Fryslân; it is ek in sinjaal fan: ik bin ree my oan te passen en erken de eigenheid fan de kultuer. Dêrtroch krijst makliker yngong.'

### **Ideale wrâld**

Carol freget elke nije pasjint yn it foar yn hokker taal dy it petear fiere wol. 'Faak giest mei in kollega op yntake. As ik mei in Frysktalige kollega gean, is it faak yn it Frysk. As de kollega net Frysktalich is,

dochst de yntake út soarte yn it Nederlânsk. Mar as ik dêrnei allinnich kom, freegje ik lykwols noch: wolst it ek leaver yn it Frysk? En dan sis ik altyd: it is net myn memmetaal, ik meitsje flaterkes. Meist my útlaitsje, ferbetterje. Dat makket net út.'

Frysk mei flaters deryn of net, passive en aktive behearsking fan it Frysk komme echt fan pas, yllustrearret Jacobson mei in moai foarbyld. 'In frou siet wat te twiveljen. Us psychiater wie derby, dus it petear gie yn it Nederlânsk. It gie oer in behanneling of sa. Dy frou seit: "Ik sjoch dat net sa sitten." "Wêrom net?" frege ik. "Is it sa datst der net safolle nocht yn hast of seist eins: it griist my oan." "Ooo!", seit se. "Dát!" Dy non-ferbale reaksje, dat wie sa grappich. *Ja, dát. It griist my oan.* Suver ferromming. Ast yn it Nederlânsk seist: *ik zie het niet zitten*, kin dat ek betsjutte datst it tefolle gedonder fynst. By "it griist my oan" sjochst der echt ôfgrysluk tsjinoan.'

Neffens Carol is der yn opliedingen net folle doelfêste oandacht foar de rol fan taal yn kontakt mei pasjinten. Nei har idee fertsjinnet lykwols maatskippijbreed it belang fan taal mear erkenning. Oft de ynfloed fan taal yn har wurk en team op wearde skat wurdt? Carol sjocht dêr ferskil yn. 'De echte Friezen dy't wy yn it team hawwe, binne har der blykber fan bewust en sizze ek: in folbloed Fries moat in Fryske behanneler hawwe. Oare kollega's hear ik der net sa oer. Sy sizze: ik ferstean Frysk, dus minsken meie Frysk tsjin my prate.' Carol beklammet dat it yn de praktyk ûnmooglik is elke memmetaalsprekker fan it Frysk te keppeljen oan in behanneler dy't floeiend Frysk praat. 'Yn in ideale wrâld soene minsken sizze: ik wol in Fryske behanneler. Mar mei de lange wachtlisten fan tsjintwurdich binne minsken al bliid as der immen komt.'

Troch: Tsjomme Dijkstra